

DE STIENNEN MAN

ORGAEN FAN IT BOUN FAN FRYSKNASJONALE JONGEREIN

Redaksje: R. VAN TUINEN, Langsweagen 234, samler
KEES JONGSMA - HARM SCHEFFER
Administraesje: Adm.sintrum:
W. DALSTRA, Dûbelde Rigel 31, 't Fean

Komt twaris yn 'e moanne
Inkelde nûmers: 18 sinten
Abonnemint leden f 1.40
Oaren f 3.— jiers
Printerij: Drukkerij Bouman

Pleatsen

Foar Theun de Vries.

Dêr't winen wyldjeije oer de lege lannen
en pleatsen drôgje yn beammeskaed biskûl,
is leafde en haet, geniet en soarch, en fûl
regear fan âlde stege boerestannen.

It stjûr giet fan de heit oer op 'e soannen,
de dochters boaskje en bliuwe it buorkjen nei:
sa slyt it libben langsum, dei nei dei, —
ont hommels ien forbrekt de bange bannen,

de wrâld yntsjocht op eigen manneboet;
dan sprekt men wech-en-wear fan dizze
skande;

mar as dan ienris wer de nearens fan de
midwinter falt en 't buorkjen bûten sloert,
de wrâld ta ynkear komt, faek fielt men dan de
forlangsten wer en sit om him yn noed.

Ut „Op koart front” fan
Anne Wadman.

KRONYK 1946

Nimmen fan de lêzers sil it ús kwea ôf
nimme, dat wy gjin stichtelik of swiet Kryst-
praetsje skriuwe oan 'e ein fan dit jier. Elts
fiert it Krystfeest (of fiert it net) op syn
menear, en om dêrfoar oer yn dit bledtsje, dat
yn dizzen gjin stânpunt ynnimt, in neutrael en
neat sizzend preekje ôf to stekken, liket my
ûnweardich. Unweardich foar ús sels, en foar
de greatens fan it Krystbarren oer. Nammers,
in stream meditaesjes yn de talleaze kranten
en periodiken, bisykje dochts wol elts syn re-
ligieusk en ethysk gerak to jaen. Dêrom sille
wy ús hâlde by in algemiene „neibitrachting”
oer dat hwat it ôfroune jier Fryslân brocht
hat.

Yn 1946, it twadde jier fan de opbou, hat
Fryslân navenant net in min figuer slein. Wis,
der wie hjirre minder stikken, sawol mate-
riëel as geastlik, as yn oare parten fan ús lân.
Mar men moat dan dochts mar tankber kon-
statearje, dat hjirre minder soasjale spannin-
gen wiene, mear normael arbeide waard, en
der minder morele ûntspoaringen foarfoelen,
as yn dy oare kontrijen. Wylst dochts gjin
minske biweare sil, dat dêr hjirre nou sa hiel
folle minder oanliedingen wiene ta eksploasjes
op allehande gebied, as earne oars. Sa hawwe
ek de fraechstikken fan birjochting, suvering
en politike delinquenten, de hertstochten

hijre minder opjage, en de forhâldingen min-
der toheistere. Dit lêste is net in tafallichheit,
mar in gefolch fan de solidairens fan Fryslân
tidens de bisetting, hwetroch as fansels
wy nou minder mei de neamde problemen to
krijen hawwe.

Ek hjirre docht de wrange komeedzje fan
birjochting en suvering, gjin goed oan it
respekt foar oerheit en steatsfoarm; ek hjirre
is ûneindich folle skea dien oan de goodwill
fan illegael en net-illegael Fryslân, ek hjirre
binne idealen forsmoard, by tûzenen; mar
dochs, dit alles hat net dy groteske foarmen
oannommen, dy't it yn Hollân krigen hat.

Wy hawwe dit lêste nou as foarbyld oan-
helle, mar sa soene der mear aspekten fan it
libben oan to wizen wêze, hwert men yn
Fryslân net dy greate biroeringen yn fynt.

Men kin miskyn sizze, dat de rin fan it deistich
bistean hjirre syn rêstige bêdding wer foun
hat. Greate „trochbraken” hawwe net pleats
foun. Fryslân is himsels suver gelyk bleaun.

— Der sille guon wêze, dy't Fryslân dêrom
brektme oan greatens, oan fantasije, oan
bloed-waerm libben, oan „Schwung”, forwite
sille. It wurd „reäksjonair” doar ik net iens
to neamen yn dit forbân. Ik wol ek net bi-
weare, dat it sa fijn is dat alles wer sa echt
gelyk oan foarhinne is. Mar dochts sit der yn
sa'n hâlding in geweldige krêft, in krêft dy't
binammen fan '40—'45 boppe kaem, by it ôf-
wizen fan de grouwelige Germaenske import.

Lykwols is it nou just net oeral dea yn 'e
pot. Der is in wekker wurden fan Súd-East-
Fryslân, in opnimmen fan dy hoeke yn it pro-
vinsiaal forkearsnet, tanimmende bilangstel-
ling foar nije ekonomyske mûglikheden, gewel-
dige artikels yn alle folweardige kranten dêr-
oer, soms sels inkelde skrutene dieden, en,
hwat gedieltelik út dizze feiten bliken docht,
in tanimmend Gewestlik bisef. Dit lêste is yn
in tiid, dat safolle faktoaren meiwurkje ta sin-
tralisaesje en ienfoarmigens, in biwyske fan
de opkommende wjerstân dêrtsjin. Hjir en dêr
sjocht men de bitsjutting fan it Gewest wer.

Yn hoefier as der sprake is fan in seker
bisef fan mienskip mei Grins en Drinte, (it
saneamde Noardererf) doar wy net út to
meitsjen. As dit bisef der is, sil it dochts bi-
heind wêze ta in lytse rounte fan intellek-
tuëlen. Trouwens, de ienheit fan it Noardererf
liket mear op negative grounen to rêsten
(meiïnoar tsjin...) as op posityf oanwiisb're
oerienkomsten. Mar miskyn is it mûglik, dat
út it neamde bisef hwat ûnforwachts opbloei-
je sil.

Né, dea is it noch net. Dêr is in Tsjerne, dy't syn wurk bigoun is, doe't de Rattelwacht swije koe. Dit tiidskrift is wichtich, net allinne om de bûter dy't it levert, („skeppend, foarljochtsjend en kritysk wurk“) mar ek as forskynsel op himsels. Neffens Fedde Schurer is de litteratuer nou frij wurden fan it Fryske biwegingsapperat. De dichter giet syn eigen wegen, de biweging giet sines. De tiid dat it dichterdom de krêftichte oantrún wie ta it nasjonale ûntweitsjen, is foarby. Wy wolle der net om treurje, mar it oannimme as in needwindige fase yn de ûntjowing fan beide.

Ja, en dan is der noch de Fryske roman. Foarhinne wie it sa, dat elts Frysk boek, as bilangryk elemint yn de striid om de tael, as winst biskôge waard, „biwegingswinst“ dan. Nou't de taelstriid foar in great part woun is meije wy wol efkes kritysker wurde en stranger noarmen oanlizze hwat bou en ynhâld, ensfh. fan it Fryske boek oangiet. En dan sitte wy winlik hwat mei de oanwinsten fan '46 yn 'e mage. Wier, it is net bêst. It measte is sa goedkeap, sa eamelich, sa... mar lit my ophâlde. Itselde punt is (lokkich) kôge en oerkôge, en dan wurdt it forfelend. Mar men soe forsuchtsje: hat Fryslân dan wier gjin skeppende krêften?

Dit is gjin forwyf. Men kin it de natuer net forwite, dat der yn ús greiden allinne hynstene bûterblommen bloeije, en gjin roazen en anemoanen. Mar guon skriuwers nimme wy it al kwea ôf, dat hja eigen gewoanens en oerflakkigens net erkinne wolle, mar mei alle geweld boppe har niveau bisykje to libjen. Hawar, wy hawwe noch al hwat fortrouwen yn de „wentelende“ gong fan alle bisten, ek fan it kulturele bisten. Wy krije fêst wer goede romanskriuwers.

Hoe hat, tusken en troch dit alles it paed fan de Fryske Biweging west yn 1946? As wy dêr oer oardielje wolle, springe forskillende feiten nei foaren. Oan 'e iene kant is dêr de erkinning fan de lykweardigens en lykrjochtigens fan de tael yn gemeenterie en tsjerke, en fan de binlikens fan oare forlangens op Fr. nasjonaal gebied, (ek troch somlike politike partijen). Oan 'e oare kant sjogge wy dat folkengearleargongen in heukerich bisten hawwe, it Frysk op skoalle net bot oanwint, en dat yn't algemien de Fryske saek de menichte kâld lit. Fan offisiële side mear bigryp en tasizzingen, fan de kant fan it folk sels noch frijwol deselde ûnforskilligens. Wy hawwe it earder sein: (en oaren nòch earder) it is de Biweging oant nou ta jít net slagge fet op de greate kliber to krijen. Fansels is it ûnmûglik en net iens winslik, dat eltse Fries in biwuste Fries wurdt. (hwat soe it dan in stom-forfelende, hopeleas ernstige wrâld wurde). In folk kin as folk tige geef libje op syn innerlike krêften, sûnder dat hy him soks reälisearret. Mar hwert it „folkske“ libben geweld oandien wurdt, moat men doch in appèl dwaen op dat folk, om syn wearden to hoedzien. En hoefolle binne der, dy't dat soms sa hertstochtelike appèl forstean?

Ek dit jier hat it Boun wer arbeide. Der binne kritejounen bilein yn mannichte, Diels — dielsrie — dielskadergearkomsten hâlden, der hawwe greate en lytse Bounsrîeën west, in Kongres, in Miene Gearset, men hat yn it karbrief oan't skuorren west, der is in telegram forstjûrd en men hat sels ien werom krigen, der waerden kampen organisearre yn 'e dunen

en dat is net iens in wylde boel wurden, men hat... „Hald jim mar stil“, seit it forstân, „wy witte wol, hwat der sahwat allegearre út 'e wei set is, mar freegje ús ôf of al dit wrotten en wramen ek „idelheit“ west hat. Liket alles soms net sa sûnder útsjoch en sûnder fortuten? Wiis ris oan, hwert de fruchten hingje!“ Mar né, dizze fraech is koartsichtich. Hwant hwa wit hoe't in folk ta ûntweitsjen komt? En hwa kin oanwize syn gong nei in hearliker bloei?

Dêrom, wy binne net mismloedich, mar sille trou en dreech trocharbeidzje, it nije jier en alle nije jierren, net sjende nei de fortuten fan dat jier en de oare jierren, mar arbeidzjend op ieuwen.

Aenstens liede de St. Thomasklokken, en branne de fjurren tsjin in dûnkere loft. Wy sille liede, oant in wûndere lôge heech opsjit tsjin de kimen.

R. v. T.

De Bretonske Biweging

II

De hâlding fan 'e lieding fan 'e nasjonale biweging foar de Dútskers oer, hat yn Bretanje oars west as yn Fryslân. De foaroanmannen fan 'e Bretonske biweging ha mei de Dútskers mei op wurke.

By uzes sille guodden dat fuortendaliks al forkeard achtsje, en mûlk mei greatskens sizze: „dan ha wy yn Fryslân dochs mar wizer west!“

Sa ienfâldich leit de saek der fansels net hinne.

Yn it foarste plak moatte wy net forjitte, dat hoenear de lieding fan 'e Fryske biweging net mei de Dútskers collaboratearre hat, dit net allinnich leit oan har politike ynsjoch, mar ek oan 'e hâlding fan 'e Dútske autoriteiten foar de Fryske biweging oer. De Dútske autoriteiten woene de Fryske biweging allinnich stipe jaen op tige swiere kondysjes, en op it bifoarderjen fan 'e bistende Fryske biweging wiene hja net bjuster fûl.

Yn it twadde plak wie de hiele sitewaasje yn Bretanje oars, en kin net bêst mei dy yn Fryslân forgelike wurde.

De lieding fan 'e Bretonske biweging is, hoewol der ek in communistysk-nasjonale groepparring en twa nij-heidske groepparringen bisten, min of mear yn hannen fan 'e legere geastlikheit. Yn Bretanje, lyk as oeral yn Frankryk, is de katholike geastlikheit trou bleaun oan it Frânske regear to Vichy en hat sadwaende al mei de Dútske bisettingsautoriteiten collaboratearre. Om in tipysk foarbyld to neamen: yn Frankryk krigen frijwilligers foar de Dútske striid yn Ruslân de tsjerklike seine; yn de Nederlannen waard troch de katholike geastlikheit sokke frijwilligers it libben folslein ûnmûglik makke. Dizze collaboratearre mei de Dútskers hat fierders yn 'e Bretonske biweging in fraechstik west, dat jimmeroan wer to praet kaem is. Pastoar Perrot, dy't doedestiids de tsjerklike foaroanman wie fan 'e Bretonske biweging, is faker-nòch frege, hoe't hy, as geastlik harder en kristlik folkslieder, mei de SS collaboratearre koe en woe. „Sjoch“, andere er dan, „der binne op't beden twa machten, dy't inoar bistride en dy't beide fijannich foar it kristlik leauwe oer stean: it nasjonaal-soasjalisme en it communisme. Fan dizze twa is it nasjonaal-

soasjalisme foar ús tsjerke fierwei it minst gefaerlik. Dêrom moatte wy op't heden it nasjonael-soasjalisme ús stipe jaen. As dat ris nedich wêze soe, kinne wy letter altiten jitte wol tsjin it nasjonael-soasjalisme fjochtsje". Pastoar Perrot en syn collega's ha sok riddenaesje fansels net sels útprakke-searre. Hja praten sa yn oerliz en op oanstean fan 'e hegere Frânske geastlikheit.

Pastoar Perrot hat dizze hâlding tsjin it nasjonael-soasjalisme oer mei yn dea bikoft. Hy is formoarde troch de Frânske forsetsbiweging. Hy is in martelder wurden foar de Bretonske nasjonale saek. Syn petret hinget op't heden by in bulte nasjonael fiелende Bretonnen oan'e muorre, en ik seach hoe't it forkoft waerd by it útgean fan 'e tsjerke. (à 50 franks de foto, dat is sa likernôch in daelder).

It soe lykwols forkeard wêze to tinken, dat alle nasjonael fiелende Bretonnen mei de Dútskers collaborearre ha. De forsetsbiweging wie krekt yn Bretanje tige krêftich en in bulte Bretonnen ha yn it ûndergronske leger tsjin de Dútskers striden. Der wiene der, dy't nei de alliearde bisetting tochten, dat hja hjirtroch ek it rjocht hiene by it nije Frânske regear op to kommen foar de nasjonale Bretonske saek. Mar dat wie fansels in forsin. Hja kamen to lanne yn 'e Frânske consintraesjekampen, krektlyk as de Bretonnen, dy't mei de Dútskers collaborearre hiene. De nasjonale ienriedigens sil troch dit manear fan dwaen fan it Frânske regear nei alle gedachten wol bifoardere wêze.

It Frânske regear bistrjiddt it Bretonske nasjonalisme yn al syn uterings. By dit alles is it tominsten foar de Bretonnen in gelok, dat de Bretonske taellearde Roparz Hemon, dy't biskuldige wie fan „forkearde hâlding” yn 'e tiid fan 'e Dútske bisetting, yn July troch it Hôf fan Justysje to Rennes frijsprutsen is.

F. S. v. H.

„DE KRITE”

Dochs net ús earste en lêste wurd?

Dat troch it gearstalde doel fan ús Boun it yn stokken hâlden fan ús krite in folle swierdere opjefte is as dat mei in fiskklub it gefal is, dat is wis. En dat it oeral lang net nei winsk giet, is ek in wierheit as in oaljefant.

Mar dan riist as fansels de fraech by jin op: „Hoe moat it dan wol?” En om dêr in konkreet andert op to jaen is yn earste ynstânsje net maklik, sa net ûnmooglik. Dêr moatte mear oer gear! Dat kin ien man net útmeitsje! Hwant, net wier, men moat tige rekken hâlde mei pleatselike en persoanlike tastânnen en forhâldingen. Itjinge ik hjir dan ek bisykje wol oan to jaen, moat dan ek folle mear biskôge wurde as in paedwizer.

De hear A. W. hat yn de St. Man fan 15 Nov. 1946 skreaun as it net winsklik wie om de krite as sadanich farre to litten en der wurkforbannen, stúdzjerounten, ensafh. fan to meitsjen yn féderatyf forbân mei 't each op it healformôge krite-systeem. Dochs liket my dit net hiелendal de kreative wei ta. Hwant A. W. wit ek wol tige skoan, dat oer 't algemien it tal kriteleden net sa great is. En as men dat forsnipperje soe yn ûnderskate lytse groepkes fan minsken mei deselde ynteressen, dan soe't faeks, eangje 'k, wolris barre kinne, dat der klubkes ûntstiene fan elk in man of twa, trije.

En neffens my sil 't dan net lang duorje of de hiele krite is nei de barrebysjes.

Né, it liket my de baes ta en hâld de krite sa goed mooglik yn stân, mar probearje neist en troch middel fan de krite stúdzjerountjes as sahwat hinne op to rjochtsjen fan minsken mei mienskiplike bilangen út en bûten de krite op fryksinnige grounslach om harren sa op 'e hichte to bringen fan it wichtige fan de Fryske saek en ús Boun. Sjoch se dêrfoar to winnen troch to praten oer de Hollânske neist de Fryske lytteratuer of hwat der oars mar is! Wiis harren der op, dat it Frysk net binefter hoecht to stean by it Hollânsk en minstens lykweardich is dêroan! En as dan alles der op wiist, dat men dy kant wol út wol, sykje dan kontakt mei de krite foar safier dat noch net bard is en bisykje se ûnder it net to biflappen fan it Frysk-nasjonale idé troch sa'n stúdzjerounte of hwat dan ek mar yn féderatyf of oar forbân to bringen mei de krite, om sadwaende it tal leden út to wreidzjen fan ús Boun, hwertroch dan wol de mûglikheit ûntstiet neffens my fan krite yn féderatyf forbân. Mar yn 't ginnerael moatte de krite earst mear leden ha 'om oerskeakelje to kinnen op in lossere, féderative grounslach. Lit dan de kriteleden mei mienskiplike bilangen de hollen ris byinoar stekke en der foar kreweikje om soksoarte klubs op to rjochtsjen en sien om der safolle mûglik minsken yn to bihelien, dy't oars dochs nea lid fan in Fryske krite wurde soene. We sille ús dan yn de breedte en yn 'e diipte útwreidzje kinne, tinkt mv. Misskien leit hjir in kâns 'om sûnder it gefaerlike fan de krite sels to ontbinen, dochs to kommen ta in oar svsteem, dat better ôfstimt is op de tsjinwurdige tiid. It is mar in útstel en ik sil der direkt noch mar gjin oktroi op oanfreegje!!

G.

J. S.

LIBBENSSTYL

Us âld-redakteur hat okkerdeis treflike dingen sein oer de fornijing fan it kritelibben. En dêr woe ik dan ek hwat oer sizze. Faek haw ik my de frage steld, kinne wy net in bytsje mear fleur oan ús jongereinlibben jaen? It libben fan út allegearre is earmer wurden, ek earmer oan tradysjes. Hokfoar boer hâldt it heamiel yn eare? Hwa fan 'e jongerein wit noch, hoe't it by it koalsiedterskjen om en ta gyng. Alles hwat net perfoast nuttich en saeklik is, is ta weismiten keard yn ús materialistske tiid. Wy steane in bytsje noed foar hwat ús foarfaers ús neilitten hawwe. Us âlde stinzen binne ta pún kloppe, en de smoarge dridzige reden binne der mei forhurde. — Wy prate op ús krite oer in bettere libbensstyl, mar de omjowing dêr't wy yn gearkomme, is yn tsjinstelling mei hwat wy propagearje. En dêr woe ik diskear op ta. Ik soe pleitsje wolle foar mear sfear, in lyts bytsje mear romantyk.

Om to bigjinnen, moat eltse krite in goe-Fryske namme hawwe. Der binne al guon dy't ien hawwe. — sa hawwe wy de krite „Jancko Douwama”, „Wardy” en inkelde oaren.

Troch it initiatyf fan de krite 't Fean, kriget eltse krite ynkoarten de biskikking oer in Fryske flagge. Dit is tige de muoite wurdich. Soe it nou ek net mooglik wêze, om yn in hoeke fan sa'n flagge it gemeentewapen to forarbeidzjen? Of foar myn part makket men dêr

in aparte flagge foar. En tink fierder oan 'e wapens fan ús trije goaën.

In tredde punt: ús Fryske kalinderfeesten. Tink oan Palmpeaske, St. Piter, Maeije-feesten, Pinksterfeesten, de lêste skeaf, St. Marten, Sinterklaes, St. Thomas, Krystiid en Ald en Nij.

Kin men op 'e kriten dêr net hwat mear oandacht oan bisteegje?

It wurdt sa njonkenlytsen al tradysje dat de earsten Jannewaris in hichtepunt is yn it Bounslibben. Foar alle kriten soene inkelde dagen mear fêststeld wurde kinne. In dei dat yn alle kriten oer in selde punt praet wurdt. En fierder: hwer bliuwe de smoute fortellers, dy't op kampjounen it iene forhael nei it oare út 'e mouwe skodzje? Stoffe is der genôch, dús ûntbrekt it net oan.

— Soe der fan it Boun ek net ris hwat mear reklame makke wurde kinne foar allehande soarten fan folkskunst? Tink oan bonkesnijen, snijwurk, ensfh. Litte de lju yn ús Boun, dy't der foar fiele, harren mei elkoar forstean. En soe it net to dwaen wêze, en brûk âlde Fryske motiven yn trui of jumper. Noarske motiven sjocht men sa nou en dan alris, en se dogge it tige goed.

Ik hoopje nou mar, dat men op 'e kriten dit ûnderwerp ris oansnije sil.

Lj.

J. S.

In Slach woun

Boalsert hat yn earste opslach de striid woun. Tinearsten bliuwt de suvelskoalle dêr. Dit is fortsjinne winst foar Boalsert, mar wy achtsje it ek winst to wêzen foar Fryslân. Wy gunne Ljouwert syn ûntjowing, wy gunne harren in greate hap fan Ljouwerteradiel, wy gunne harren sels de namme fan „kultureel sentrum”. Mar wy fiele gjin byt foar in twadde-hânsk wrâldstêd Ljouwert, mei in nevelich efterlân fan hwat greiden en stikken bou, dat dan Fryslân hjit. Wy wolle hjirre gjin „Stad en Ommelanden”, mar binne ôfgrysliek wiis mei ús tsien bihindige, soms suver boartersguodeftige stedtsjes, mei al har eigenskippen dy't it bysûndere karakter dêr oan jowe. Dêrom lokwinskje wy Boalsert en Fryslân mei dizze útslach, en hoopje dat dizze in biwiis is fan tanimmend respekt foar it plattelân, ek yn de hegere rounten.

Ien hat ús foar de fuotten smiten, dat it, sa't it nou bislein is, in ûnnatuerlik forrin is, in gean tsjin de tried yn, in kunstmjittich yn stokken hâlden fan eat dat ta stjerren ornearre is. Wy soene sa in broeikas-kultuer krije. Syn rie is: lit, yn dizzen, alles oan de natuerlike drang oer, dat is it sounste.

Hjirre komme wy mei klam tsjin op. Wy soene folstean kinne mei to wizen op in artikel yn it foarige nûmer, mar wolle der, nou't soks nedich skynt to wêzen, noch hwat fan sizze. Earst in pear fragen: hwat is „natuerlik” yn dit forbân? Moat men soms net tsjin de natuerlike gong fan saken opkomme? En dan noch in opmerking: Boalsert en syn bistjûr binne sa libben as in hart.

Der is gjin sprake fan in dead stedtsje, dert men hwat bloed-transfusy op tapasse wol. It is dêr om 'e deksel net in moassich museum fan 17-ieuske huzen mei healforsliten guodlike minskjes efter de gerdinen. Dêr giet yndied in geweldige sfear út fan de Renaissance-ge-

bouwen. Mar dat is net alles. Der stiet in St. Martens kathedrael, hwert geregeld konserten hâlden wurde, der binne forskate kulturele ynstellingen, der is in B.B.G. in unike organisaesje ta it bifoarderjen fan de ekonomyske belangen fan de stêd. En dat is lang net alles. Dit is dochs noch net sa'n biroerd formidden foar takomstige suveldirekteuren. En nei de geweldige finansiële bydragen dy't tasein binne, kin men ek oergean ta it modernisearjen fan de suvelskoalle.

Der is dus in kombinaesje fan mûglikheden om jin sawol kultureel as technysk to ûntjaen. Mei sokke feiten foar eagen, kin men min sprekke fan broeikas-kultuer. En kin men noch hope hawwe foar de bloei en ûntjowing fan it eigen karakter fan it lytse formidden.

Fierders soene wy wolris witte wolle, of de achte opponent him it karakter fan kultuer-ûntjowing yn in greate stêd wol goed yntocht hat. Bars, cabarets, dancings en bioskopen, dominearje dêr. Opera's, konserten ensfh. binne, quantitatyf alteast, gjin wichtige eleminten. Dat is de reäliteit. En jow ús dan mar Boalsert reäliteit.

R. v. T.

„It Fryske Gea”

Ien fan de ynstellingen yn ús provinsje dert wy as Jongerein net folle mei yn direkt kontakt komme, is it „Fryske Gea”. Njonken allehande oare instituten, giet ek dizze organisaesje stil en dimmen syn gong, sûnder folle reklame en lawaei. Nou sil mannich lêzer him ôffreegje, oft dit in ûnderwerp is, dert men him yn de Stiennen Man mei oankomme moat. Dêrfoaroer freegje ik my ôf, oft der folle eleminten binne dy't sa'n foarmjende ynfloed op ús libben hawwe, as dat Fryske Gea, foar hwaens bihâld en forriking it „Fryske Gea” sa mei ynmoed yn 't spier is. En omt ik oertsjûge bin fan de forbounens fan „gea en minsken”, doar ik der op dit sté wol ien en oar oer to sizzen.

Oer 't algemien stean de minsken tige negatyf foar natuerbiskerming oer. Hja biskôgje soks as lúkse, goed om as hobby to tsjinjen foar minsken mei jild, tiid en faek ek titels, mar net goed foar dyjinge, dy't mei arbeidzjen syn brea fortsjinje moat. De deistige gong fan syn libben, mei al har bislommeringen, jowt de gewoane minske gjin tiid, interesse en sfear om, njonken Tsjerke, sjongforiening en fakboun, noch oare ideële of net-ideële dingen yn syn libben op to nimmen, mient men, en binammen fan de aksje ta bihâld fan sompen, ûnlân, in stikje klif en in dúntop, stean hja wol hiel fier ôf, like fier hast as fan âldheitkundige genoatskippen. Sels sille hja it yn somlike gefallen mar in ûnekonomyske biweging achtsje, en it bigreatlik fine dat de oanwinsten fan „it Fryske Gea” net oanmakke wurde ta deugdseme greide.

Dochs is sa'n hâlding, yn wierens, yn striid mei it eigen bilang, ommers natuerbiskerming is, as it der op oan komt, ek biskerming fan de minske. Biskerming fan syn wêzen tsjin de forflakkende, deadzjende ynfloed dy't der fan in forfelend, prozaysk lânskip út gean kin. It stiet bûten kyf, dat net allinne it uterlik fan de minske greate ynfloed fan syn om-

jowing ûndergiet, mar ek syn inerlik. De loftige Italiaen, de swiersettige Noar en de melankelike Surineamske boskneger, binne net to tinken sûnder de Italiaenske bergen en loftten, de djippe en hege fjorden en de sûmbere oerwâlden. Sa is ek in Fries net to tinken, sûnder de wyn, de sé en de greide. Hwat nou krekt it forbân is tusken lânskip en it Fryske karakter, doar ik net út to meitsjen. Mar elts fielt dat it starige, it drege, it swiersettige en it soms hwat meditative fan de Fries, net los stean fan de greate fierten, it faek dizige, tryste waer en de wide wetterflakten. In fisker yn syn aek, in boerearbeider yn de Mieden, in skipper fan Tersoal en in bouboer op syn heech en iensum hoarnleger, binne mei foarme troch har forhâlding mei lânskip en natuer. En de wille op marren en fearten, yn bosken en dunen, ûntstiet net tafallich op dy plakken. In „Skylger” kamp kin men net foar 't selde yn de feankoloaniën hâlde.

As it dan dúdlik is, dat lânskip en folkskarakter gearhingje, is it ek dúdlik dat it in folksbilang fan de earste oarder is, dat in totaelbyld fan ús gea net yn ûngunstige sin fan karakter foroaret.

Yn in ieu, dy't nei't men seit, nòch materialistysker wie as uzes, hat men hjirre gjin acht op slein. Der waerd yn 't wylde wei oanmakke, boud en ôfbrutsen, en sa intensyf mûglik de harmonije fan it lânskip forsteurd.

Lokkich dat de lêste tweintich jier in oar en souner bisef al mear en mear oanwoun is, en dat dit bisef ek ta aksjes kommen is. Ien dêrfan is dy fan it niisneamde Fryske Gea. Hwat dizze foriening út 'e wei set hat, is, net allinne neffens Fryske bigripen, fan greate omfang en great bilang. Nammen lyk as: Prinsehôf, it Oerd, de Leijen, Jongema-Steate, om mar hwat to neamen út in lange rige, sizze maer as wiidweidige skôgingen, hwat der dien is foar herstel en bihâld fan de harmonije yn ús lânskip. Dit wurk, dat noch mar yn syn bigjinstadium is, moat fuortset en útwreide wurde, ek troch de morele en finansiële stipe fan de jongerein. Elts, dy't it barre mei, moat him as lid opjaen by de skriuwer: D. Dijkstra, Stasjonswei 53, Drachten. De minimumynlage is mar in ryksdaelder jiers, en dan kriget men waer foar syn jild. Hwant hwat soe Fryslân wêze, as gjin geal slacht en gjin koekoek mear ropt, as der gjin kamperfoelie yn in rûge wâl stiet en alle reidkragen fordwine, en as de bikoarlike kombinaesje fan lân en wetter útstjert? En hwat minsken soene wy, Friezen, dan wurde?

R. v. T

Boekskôgingen

Oer Berneboeken

n.o.f. „Ljochte Uren yn Donkere Dagen”, fan Barend van der Veen. Utj.: Van Gorcum en Comp. N.V., Assen.

In skriuwer fan in berneboek moat himsels deselde hege easken stelle as dat in roman-skriuwer docht, lies ik okkerdeis yn in artikel oer berneboeken. Nou kin men, ôfgeande op de nijste Fryske roman sizze, dat ús romanciers

harsels dúdlik net ál te hege easken stelle en dat fan dy gefolgen de bern êk wol mei hwat minder takinne, in feit bliuwt dat in goed boek foar in bern hwat wichtichs is.

Hwat is in goed berneboek, oan hokfor opjeften moat in berneboek foldwaen? Nou, troch de bank moat er, sil syn wurk opgong meitsje, en de bern en de greate minsken to freon hâlde. Ommers de bern binne net allinne baes. Foardat dy it boek yn 'e hannen krije, hawwe der earst ytlike „âlders en opfieders” oer gear west, dy't it produkt op mooglike en ûnmooglike paedagogyske kwaliteiten ûndersocht ha. Né, de klant is hjir gjin kening, alhiel net. En dêr hoege wy neat net rouwich om to wêzen, hwant op sa'n manear kriget it bern yn syn jeugd dochts de kâns om hwat goeds to lêzen en meije wy yn it gunstichste gefal forwachtsje dat syn earste litteraire smaek foarme wurdt.

Tominsen sa gong it ús. Wy namen yn dizze „donkere dagen foar Krysttiid” jitrís mei earbied in stikmannich boekjes yn hannen fan dy Kunstner, dy earste ûnder syn gelikensen:

W. G. van de Hulst. Hwat de Nederlanske bern, en dan binammen it diel dat op in Kristlike skoalle giet (mar wy witte dat ek gâns learkrêften by it iepenbier ûnderwys dit wurk kenne en wurdearje!) oan dizze auteur forskuldige binne, is mei gjin wurden to sizzen. Sels al hie van de Hulst de iennichste berneboek fan syn generaesje west, dan noch hie Nederlân in rike bernelitteratuer.

Ommers syn omfangryk wurk hat alle eigenskippen fan in goed berneboek yn him: de bernlike toan, it spannende forhael, romantyk, syn oanfielen fan de bernesiel. In foaroansteand man yn it Hollânske litteraire libben, immen dy't it hear oersjen kin, sei ris tsjin mij: „As ik nochris in litteratuerskiiednis skriuwe soe oer de lêste 60 jier, dan krige v. d. Hulst in plakje”. It sil ek wol in unicum wêze dat men as great minske, lyk as ûnderskreaune die, de lektuer fan Hemmingway en Aafjes ûnderbrekt om dit lytse wurk fan v. d. Hulst (der steane streekjes tusken de wurdliiden!) yn ien sike út to lêzen, dat men it like prachtych fynt as de beuker fan acht.

Hwat in oanrin om ta it boek fan Barend van der Veen te kommen, hen? „De opfeart dêr't men hast op rekkene, draeit op in greppel út”, sa liket it wol. Hwant kin dit hjirboppe oankundige „Sinterklaze, en Krystboek” in goed berneboek hjitte? Net yn alle opsichten. Ik ha mysels twinge moatten om it hielendal út to lêzen. En wie dat it slimste mar, mar de measte bern, sil it ek sa gean, bin 'k bang. Dy wolle ommers ek (wy seine it niis al) spanning, humor, eigen toan, en wy leauwe dat de skriuwer bytiden syn jeugdich, lêzerspublyk tofolle biskôget as „idéale” harkers nei Sneinskoalleforhaeltsjes.

In great minske kin misskien even biswier meitsje tsjin de opset fan dit boek, n.l. dat Barend perfoarst de Sinterklazeforhalen en it Krystforhael yn ien boek opnimme woe, mar och, de bern ha dêr yn 't minst gjin euvelmoed yn. Yn it Sinteklazediël sille se it forhael fan Wytse en Antsje it moaiste fine, dêr is de toan echt bernlik en it is in „forhael”. Mar it sjongspultsje „Bij de Boer” (al earder apart útjown) slane se oer fansels, allyksa de ferskes dêr 't se hielendal gjin rie mei witte. En in

great paedagooch is Barend blykber ek net, oars hied er it stikje oer „Hwat Jeltsje fortelde” net opnaem dêr't n.b. in famke dat de „r” net sizze kin, in pear bledsiden lang foar de „note gaie” soargje moat!

En dan, yn it „Krysttiiddiel” is âlde Krystforhael, dat Barend dizz' kear yn Fryslân spylje lit, Ethyske en paedagogyske biswieren binne miskyn noch wol oer te kommen, mar hwerom die Barend it yn 'e goedichheit? Hy kin dochs witte, dat de bern it forhael fan it berntsje yn 'e krêbbe yn Bethlehem berne, en fan 'e hoeders yn 'e fjilden fan Effratha altyd moai fine, as it goed forteld wurdt. Dat hat Barend blykber net kind en nou hat er der en foar himsels en foar de bern hwat „fordivedaesje” yn bringe wold troch fan Bethlehem Bartlehiem, fan Nazareth Boarnwurd to meitsjen en de wizen út it Easten út de stêd Grins (fan de stjerrewacht n.b.) komme to litten. Wis, Felix Timmermans skreau syn „Kindeke Jezus in Vlaanderen” mar hwat dy en b.g. Selma Lagerlöf en de âlde Brueghel kinne en meije, kin en mei Barend noch net! Dit is in frij sleau en langtriederich relaes wurden, dat fan 'e glâns fan it twade haedstik fan Lukas syn evangeljebiskriuwing net folle oerlit. Allinnich yn 'e twade helte (as de wizen it berntsje fine) wurdt de toan libben en de skriuwer komt der blykber sels dan ek hwat better yn, sadat men dan even mei niget lêst. De Krystferskes dy't tusken de tekst steane binne soms aerdich slagge (bihalve it Sliepsankje fan Marije), mar om ús hiene de wyskes hjir wol by kind.

Gearfetsjende: in twaslachtich boek, fan ynhâld sawol as fan opset en komposysje (hwat is't: in boek om sels-to-lêzen of in foarlêesboek en... foar hokfoar leeftyd ornearre?) Mar yn inkelde einen komt Barend op 'e hichte dêr't wy in berneboek ha woene, meastal jeuzelt er mear asdat er fortelt.

Dat muoit ús, hwant Barend kin in goed berneboek skriuwe. Hwerom dan ek net in twade printinge fan syn „Wytwjukje”? Dêr hiene bern en âlden wiis mei west, dit Sinteklaze- en Krystboek hie it wol sûnder kind.

Der sit in moaije bân om, uterlik kin it wol bisjen lije, mar de korreksje is wer hommeles, lykas de lêste tiden sa faek by ús Fryske boeken. Lies Veenhoven, dy't in pear (fierstomin) plaetsjes foar dit boek tekene, heart ta it slach fan Sijtje Aafjes en Willy Schermelê: aerdich, „netsjes”, mar hwat flak wurk.

De priis is f 3.90.

FREARK DAM

IT SIL BISTEAN

fersen fan O. Postma
Frisia-Rige nû. 37; Brandenburgh
en Co. Snits 1946.

Under de titel „It sil bistan” bringt de âldste Fryske dichter syn wurk gear út de jierren 1937—1947; in part derfan hat earder yn jierboek en tydskrift publisearre west.

Forgelykje wy dit bondeltsje mei „Fryske lân en Fryske libben” (fersen 1900—1922), „De Ljochte Ierde” (1923—1928) en „Dagen” (1929—1936), dan falle twa dingen fuortdaliks op: foarst in aloan djipper ynsnijen op de problemen fan ûntstean, bistan en forgean, twad in aloan greater oerwicht fan de frije

fersfoarm. Dat beide forskynsels foar de dichter forbân meinoar hâlde, stiet net yn bistân. It dúdlikst wurdt dat wol utere yn it fers „Fan Libben en Dea”:

Hwerom soe ik, âld man, it net bistan
oer libben en dea mei
hwat reden to kommen,
En dan net bislipe nei rym en mjitte,
mar sa de siele it foar jin stelt?

Net yn 'e breedte fan klankrykdom siket Postma it, mar yn de djippte fan toan; net yn forskaet fan stoffe, mar yn hieltyd djipper trochlibjen fan deselde fielingen. Syn punt fan útgong is earder smelder as breder wurden, mar hy fielt it net as in forlies, ommers:

... alles is yn alles, siele hat
Syn libbensreis en swetten binn' net oer.
Sa mei it wêze dat itselde liet
Sjongt God en leafde, heitelân, natûr.

It soe yn dit biheind birstek net dwaenlik wêze en lied de lêzer yn Postma's tinnenwrâld yn. Ik mei folstean mei derop to wizen, dat de dichter noch likefolle oan de ierde hinget as sa'n achttsjin jier lyn, doe't er dy eardere bondel „De Ljochte Ierde” naemde. Hy freget sels: — Sil ik dy frede hawwe? Haw ik de ierde net to leaf? Hwat de ierde him biedt oan skiedme en lok nimt er oan mei blidens, tank en forwûndering; alles nimt er yn him op om it plak to jaen yn it wûnder gearstal dat in fers is. Yn him libje forline, hjoed en takomst, mar ynsté fan inoar to forkringen folje hja inoar oan en forklearje inoar. Yn it kwetryn „Minske” seit er:

Dy't oan my tinke wol, bitink my sa:
In minske — 'k mei gjn oare namme ha,
Mar yn him kamen gear de slachtene ieuwen,
En alle minsklikens kaem op him ta.

Alle greatskens is him frjemd. Hwannear't er yn „Myn Fersen” skriuwt:

— Eat bûten my hat him ta libben bylde,
Sa hat in macht'ger waldsjen foarming foun,
jowt er én it doel fan syn dichtkunst oan, én
syn eigen taek: it tsjinjen. Op dy licht
ironyske fraech fan himsels en faeks ek fan
oaren: — Ald man âld man, sa swalkest dou
en tsjochst de lânstreek oer? Jowe eins al syn
fersen in andert: yn syn lân fynt de dichter
de wrâld, yn syn folk it minskdom, yn it
einige it einleaze. Wol ken ek hy spyt („ik
haw dochs ek de groeden dy't spyt dêr yn
dreaun hat?”), twivel („hwat opdracht haw
'k yn dizze libbensstream?”), fortwifeling
sels („O, earm bistan, o droeve poppe-
klucht!”), mar de blidens sil altiten wer troch-
brekke. Hwant:

„It sil bistan, it sil bistan, sa sjongt it yn my
O jimme dy't foar ús boud ha en it erflik
oan ús oerdroegen!

O sielen, o libben fan âlde geslachten!
O alles dat op my takomt en yn my

bihâlden wurdt!
Alles giet foarby, mar alles hâldt syn
bitsjutting:

— Mar hwat west hat is hwat oars
as hwat net west hat...

— Yn al syn fasen sil it bihâlden bliuwe.

Postma's fersen sitte fol oantinkens, oan
âlde mominten fan lok, oan sibben, freonen,

âlde lektuer, oan dagen fan sinne. Mar binammen de wize, fine humor oer oaren en himsels jowt dit wurk in bisûnder eigen toan:

Ald.

Ik bigjin al aerlich op jierren to kommen.

It soe dan oars hast de tiid wurde foar wize en forheven dramastikken, sa as oaren wol yn har âlderdom makke hawwe; Mar ik kin my sa net rêdde mei sangen en tsjinsangen, en de geasten fan alle ieuwen hawwe my net to bate west.

In frysk epos sil ek wol neat mear wurde, of it soe in lyts eposke wêze moatte fan it meanen ôf oan it gersdruijen ta. . . .

Fryslân's âldste en dimmenste dichter hat mei dizze bondel poëzy („net mear hwat heechs en aparts, mar frij en nei it nedichste útgeande") wer it bêste jown dat er jaen kinnen hie. Al dyjingen dy't har hwat geastlike ynspanning treaste wolle, fine hjir in rike bileanning.

De útfiering fan it boekje is sútrich; û.o. is de letter to tin op sok skier papier. Dat op it omslach (oars as op it titelblêd) stiet: „gedichten fan dr. O. Postma" is rounút healwiis. Dat it boekje lykwols syn jild mear as wurdich is, stiet net yn 'e kiif.

M. S.

Bounsnijis

Yn myn radio-praetsje op Moandei-to-joun 14 Oktober l.l. haw ik oanret om Kritebibliotheken to stiftsjen, hwer't se noch net binne. Ik haw ek de plakken neamd, hwer't men maklik boeken liene kin (b.g. de Kânse-larij, Ljouwert). As boekhannel haw ik neamd „It Fryske Boek", Prins Hindrikstrjitte 13, Ljouwert. Dat adres is mis. It moat wêze: **Pasteurwei 32.**

Nou wiene der inkelde lju, dy't der oer foelen, dat ik wol „It Fryske Boek" neamde en net „De Fûnk" en oare boekhannelers. Dat sit sa: it Boun hat in oerienkomst mei „It Fryske Boek", dy't datearret út foar myn tiid en noch altyd bistiet. Mar nimmen is der oan boun om dêr persé syn boeken oan to skaffen. It Boun hat der allinne koarting fan. Allinne it adres wie dus in forsin fan my. Om alle misforstân foar to kommen: de oantrún wie folslein bidoeld foar it keapjen fan boeken en hwer't men dat dan dwaen wol, dat sil fan eigen foarkar ôfhingje.

H. S. DOELE

Kritenijs

Aldeboarn: Tongersdei 21 Nov. hâldde krite „Jancko Dauwama" in bûtengewoane gearkomste om't dit de 50ste wie en om't Jitse Peenstra sûnt de orjochting foarsitter, dizze kear foar it lêst de lieding hie. Dêrfan dinne hiene inkelde froulju foar thé en hwat traktaesje soarge. Nêst de bydragen is der in „fragenkriich" hâlden, dy't danich yn 'e smaek foel en tagelyk tige learsum wie. It bistjûr bistiet nou út: Simen Dykstra as foarsitter; Klaes Tiesema A23, skriuwer; Anne de Jong, skathâldster; Moeike Rodenburg, bysitter, wylst Jitse Peenstra de bineaming fan bysitter oannommen hat.

Teffens diele wy mei, dat de earste tarissings foar de bounsestafette-riderij al makke binne. Wy hawwe b.g. de iisbaen al tasein krige; der is in technyske kommisje bineamd, der is om

musyk mei lûdynstallaesje frege, ensfh. Om al fêst to witten, hwê't wy steat op meitsje kinne, wurde de oanjeften — alle krite dogge mei fansels — mei mûglike bysûnderheden (lyk as sliedplak ensfh.) uterlik foar 14 Desimber by de skriuwer forwachte. Aensens krije de krite lykwols noch in rounskriuwen.

Forslach miene gearsit op 30 Novimber 1946

It wie al fier oer twaën doe't de bounslieder oan 34 krite-ôffurdigen en in moai tal bilangstellende leden in hertelik wolkom taroppe koe. Ik bin faek lang fan tried, sei er, mar hjoed sil ik it koart meitsje om't de wurklist wichtich en lang is. Om seis ûre moatte wy de seal forlitte, dus dan sil alles ôfhandele wêze moatte.

De wurklist sjocht der sjesa út:

1. Iepening.
2. Sjongen Bounsljet.
3. Meidielingen en ynkommen stikken.
4. Karbrieforoaring.
5. Utstellen fan de krite.
6. De Fryske Folkshegeskoalle.
7. Fryske-Flagge-Aksje.
8. Rounfraech.
9. Sluten.

Alhoewol't it net op de wurklist oanjown stiet, sille wy it aenst dochs ek efkes oer it Nijjierkongres hawwe moatte.

Nei it sjongen fan it bounsljet — musikale bigelieding fan in trijetal út de krite Ljouwert—Huizum — dielt de bounstriuwer mei, dat der gjin ynkommen stikken ensfh. binne. It opnimmen fan dit punt op de wurklist jowt him lykwols efkes tiid om it wiksel-skyld fan de hurdriderij oan de ôffurdige fan de krite „Jancko Douwama" to Aldeboarn út to rikken.

Hjirnei binne wy oanlânne by it wichtichste punt fan de wurklist, nammentlik de karbrieforoaring. Hwanear 't men fan dit punt tocht hawwe mocht, dat it der mei faesje troch jage wurde soe, is men op dizze gearkomste wol ta oare tinzen kommen. Hwa't lykwols hwat thús is yn it forieningslibben wit, dat soksoartige ûndernimmens altiten tige noedlik binne en ek hjoed hat dat wer bliken dien. Wy binne nammentlik net fierder kommen as de earste foroaring en doe't — neidat ûnderskate leden harren tsjin en foar nammeforoaring útsprutsen hiene — der dan stind wurde soe, blik dat de kisten 18 fan it Haed- en 33 fan it Hûshâldlikkarbrief mei elkoar yn striid wiene. Mei miene stimmen hat doe de gearkomste mar bisletten dat wy in oare kear neffens kist 18 fan it Haedkarbrief stimme sille. In oare kear, hwant nou't der dochs noch mear foroare wurde moat, waerd ek bisletten dat oer de karbrieforoaring in kommisje gear moast. Ut de gearkomste binne yn dy kommisje keazen: Kl. Dykstra, Grins; Alb. Russchen, Snits; J. Swierstra, Wageningen en R. van Tuinen, Langsweagen. Dizze kommisje sil jitte útwreide wurde mei in lid dat rjochten studearret.

Punt 5. Utstel krite Boazum: De „Stiennen Man” komt los to stean fan it lidmaatskip. Nei't de ôff. fan de krite it útsel efkes taljochte hat, waerd it mei algemiene stimmen forsmiten.

Utsel krite Boarnburgum: It Boun organisearret (tsjinoer by 't winter de hurdriderij) by 't simmer ek sportdagen foar de leden. Keatsen, atletyk, kuorbal en al nei't de M.G. tinkt. De organisaasje fan dizze sportdagen kin oan de Dielen opdroegen wurde.

Nei't forskate leden harren foar en tsjin sein hawwe, wurdt dit útsel forsmiten mei 51 stimmen foar en 55 stimmen tsjin.

Dat it útsel nou forsmiten is, hâldt lykwols net yn dat in Diel sokke sportdagen net organisearje kin.

Utsel krite Aldeboarn: De leden dy't ûnder tsjinst binne, kinne lid bliuwe sûnder dat hja de ynlage bitelje.

Dit útsel wurdt sûnder folle praterij mei algemiene stimmen en ûnder hantsjeklappen oannommen.

De krite sille alles regelje en it Boun bitellet.

Punt 6. De bounslieder ljochtet efkes de situaasje fan de Stifting de Fryske Folkshegeskoalle ta. Wy as Jongerein moatte it wurk fan de Stifting sa folle mooglik stypje. Wiist ek noch op it wykein fan de Folkshegeskoalle dat op 14 en 15 Desimber yn Snits hâlden wurde sil.

Fierders docht Doele ûnder dit punt jitte inkelde meidielingen oer it Nijjierskongres. Yn begjin Oktober wiene de greate sealen yn Ljouwert al forsein. It Kongres sil nou op it Hearrenfean hâlden wurde. Yn de Nije Skouboarch is plak foar 800 minsken, lit ús hoopje dat de seal to lyts wêze mei.

Leabrekker

De iennichste Oprjochte Courant

Bûtenlânsk nijs. Serawak: Dr. v. Mook dy't bimiddeljend wurket yn de ûnderhannelingen tusken de selsstannichheidsbiweging yn Britsk-Borneo en de Ingelske „Commissie-Magnaet”, dielt mei, dat de foarútsichten net gunstich lykje. Oan 'e iene kant easkje de nasjonalisten, dat der gjin Ingelske troepen foar de ôfreizgjende Nederlânske yn 't plak komme sille, en oan 'e oare kant fortoane de heeren fan de City net in rom bigryp foar it nasjonale ûntweitsjen fan de Serawakezen en Dajakkers. De birjochten, dat de Nederlânske diplomaten twang útoefenje soene op de Ingelsken, wurde troch van Mook pertinent dementearre. Letterlik sei hy: „Wy wolle gjin twang, gjin soldaten. Wy wolle bigryp, idealisme en a-reälisme. De Serawakezen hawwe bigryp toand, troch ta to stean dat der boartersguod stjurd wurdt oan de berntsjes fan Amerikanen en Ingelsken, dy't yn de kampen sitte. Boopedat hawwe de nasi. liederse tasein, yn 1949 in begjin tō meitsjen mei it regeljen fan plannen ta de evakuaasje fan de kampen.

„Hjirfoaroer”, zei v. Mook „freegje wy ek bigryp en fortrouwen fan Britske side”.

Kultuer-histoaryske revo'úsje. De biweging dy't ûntstien is om de aktuele diskusjes oer de „foermatten fan Ezinge”, is alhiel forkrongen troch in nije sensaasje dy om it „krûkje fan Bakkefean”. It âldheidkundige selskip „it Heitelân” dielt hjir oer mei: Feitlik is it net

Punt 7. Willem Dalstra fan de Flagge-Kommissje jowt in oersjoch fan de stân fan saken fan de aksje. It liket mar bêst. De flaggen sille op it Nijjierskongres oan de krite útrikt wurde. Yn de moanne Desimber komt foar 1946 it slútstik oan de aksje. Elts lid moat hjir oan mei wurkje.

Punt 8. Spitigernôch is hjir hast gjin tiid mear foar.

Inkelde ôffurdigen hawwe noch hwat oan de karbrievekommissje to freegjen, wylst Jan Singelsma freget hwer't de ústellen ta forbettering fan it kritelibben, de nije leden-aksjes ensfh. bleaun binne.

Om goed seis ûre slút Doele dizze M.G. mei in koarte oantrún ta mear aksje en in ont sjen op it Nijjierskongres.

Ut namme fan it Seistich Bistjûr,
A. VANDAMME, bounsskriuwer.

Meidielings

Forsyk fan de Bounadministrateur:

Wolle: Jeh. Keuning, Plein 4, Den Haech en Sjoukje Buis, Kerklaan 84a, Grins harren nije adressen efkes opjaen?

Krite „Foswert”, Ferwert-Hegebeintum.

Hwat krite wol in Doarpsjoun by ús forsoargje? Wy komme dan by harren mei „It greate Langstme”, earnstich stik yn trije bidr., fan S. Heensma.

Brieven hjiroer oan: T. Pappa, Ferwert 433.

Meidieling Redaksje: Wolle dyjingen, dy't kopije opstjûre, der rekken mei hâlde, dat dy uterlik fjirtsjin dagen foar it forskinen fan ús bled binnen wêze moat? Alleast as hja der priis op stelle, dat it tastjûre yn it earstfolgjend nûmer opnommen wurdt.

in krûkje dat foun is, mar in earke derfan. De bitsjutting fan dizze fynst is jit net to omfiemjen. Fêststeld is al, dat it makke is yn it ier-stiennen tiidrek, (net to forwikseljen mei it stiennen-man tiidrek) en dat it Saksyske motiven fortoant, wylst de foarm suver Frysk is. (mei sterk-culinaire ynslach út de tiid fan de Gondebald dynasty) Dit wiist dúdlik op in kulturele ienheit fan it Noarderhiem al yn it grize forline. — Fierdere fortuten binne meikoarten to forwachtsjen. Hiel Frieze- en Sakselân libje yn spanning.

Boeketafel. Us skriuwers hawwe mei faasje oan 't wurk west om foar inkelde Kryst- en Sinterklaes-surprises to soargjen. Wy kinne nou al oanbiede: „Hoe kom ik oan papier?” klandestyn útkommen by boekhannel Koster. Is is in seldsum handige hânlieding foar sâbeare skriuwers, dy't har æijen min kwyt reitsje kinne.

Fierders: „Ik yn de branning en hoe der út” fan J. J. Hoff, útjown by Hepkema's printerij. In tige nijsgjirrige samling brieven, dy't de lêzer fêst hiel hwat slûge jounen bisoargje sil.

Binkoarten komt ek út „It kin bêst biteare” fan Dr. Hirschfeld c.s., dat wy alle âld-Germânen en draeibuorden tige oarriede kinne.

Om to resinsearjen is ús tastjurd „Gesach is gesach” fan Beel, hweryn rjochtliden oanjoun binne foar de bihanneling fan opstannige gemeenten. Eltse minister yn spé moat dit lêze.

Jim sjogge, der is wer wurk oan 'e winkel foar de W-formaesjes.